

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn’e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe’t efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy’t al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn’e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr’t hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om’t Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau’ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan’e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wienen der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woe-ne wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn’e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylders. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingelêd fan de Sékrite



**Fryske Krite
Flevolân
út Lelystêd**

**Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan It Keninklik Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 39
Nûmer 1, Oktober 2024**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID
Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

THEATER POSA

**It festjebûsteäter yn
Lelystêd foar keunst-
leafhawwers! It moe-
tingsplak foar jong en
âld, in briedplak foar
alle kulturele ynstel-
lingen fan Lelystêd en
omkriten.**

**Kempenaar 01-10,
8242 BA Lelystad.**

**Foar nije
en healsliten
boeken**



kin Jo altyd terjochte by:
Luit en Johanna Dijk
0320 - 412444
luit.dijk@kpnmail.nl

Schoen- & Sleutelservice
T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288




**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg !?**



VAN LIER
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op
WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL



AG en M- en Y-dei 29 maart 2025.

Sneon 29 maart 2025 binne jimme wolkom de Al-
gemiene Gearkomste en de Moetings - en Ynspi-
raasjemiddei fan it Keninklik Frysk Boun om
Utens . It plak moat noch keazen wurde.



BESTJOER fan IT BOUN.

Op 16 maart fan dit jier wie de Algemiene Gearkomste fan it Boun yn Nijeveen. De krite Meppel wie de gastkrite. De ôfrûne jierren wie it bestjoer fan it Boun net foltallich en dit jier is de twadde skriuwer, Ger-rit Stegenga, fan krite Apeldoarn, nei 12 jier ôftreden. Gelokkich hie-
nen, nei in oprop fan it oerbleaune bestjoer, harren 2 kandidaten op-
jûn om yn it bestjoer te wollen. Dat wienen Piet Bloemsma fan de krite
Utert/Seist en Luit Dijk fan ús krite. Beide mannen binne nei hântsje-
klappen fan de oanwêzigen, opnommen yn it bestjoer. Sa is it bestjoer
wer foltallich!

TA NEITINS HANS DIJK.

Op 26 juny 2024 is de âld-foarsitter fan it Keninklik Frysk Boun om
Utens, de foarganger fan my, yn âldens fan 81 jier ferstoarn. Inkele
bestjoersleden fan it Boun binne op syn begraffenis west. Ik ha dêr in
koart praatsje holden oer oan de iene kant de ûnderfining mei syn
saaklike kant en oan de oare kant mei syn persoanlike kant. As men
inoar sa lang kent, dan wurde jo úteinlik ek freonen. Twa soanen fan
Hâns hawwe ferhalen ferteld oer syn libbenspaad. De tanktsjinst wie
yn de Ontmoetingskerk yn Boadegraven en de grêfkist mei Hâns is mei
in boerewein, lutsen troch twa Fryske hynders, nei it tsjerkhôf brocht.

Jan Bijkerk.

It bestjoer fan de Sékrite nûget jimme út foar It bywenjen fan de it optreden fan **Noordenbos en Ko** op sneon **23 novimber 2024 om 14:30 oere yn teäter POSA.**

“ GJIN C TE HEECH ”

seal iepen om
14:00 oere

Tagong leden € 12,50/
net-leden € 17,50.



Hurde wyn, wylde weagen, heech wetter,
foar Noordenbos en Ko giet gjin see te heech!

De moaie loft, de waarme sinne,
de stilte fan it waad....

Dat alles joech ús ynspiraasje en sjongnocht!

Mei teksten en muzyk fan eigen boaiem
en in knypeach nei 'Toppers van toen'.

“ GJIN C TE HEECH ”

Spilers:

- Aline v.d. Wey- Struiksma;
- Renie Zuiderveld;
- Janneke Themmen-Westra;
- Klaske Kingma- Noordenbos.

Oan 'e piano Pieter Jelle v.d. Laan
Lûd: Lourens Koldijk.

Ynhâld Meidielingelêd:	side
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2024-2025 Kriteiis	4
# Jierferslach krite 2023-2024	5
# Jieroersjoch 2023-2024	7
# Utnûging Jiergearkomste fan 2 novimber	8
# Wurklist jiergearkomste 2 novimber	9
# Sifers 2022-2023 en begrutting 2023-2024	11
# Jieroersjoch en sifers sjongkoar 2023-2024	12
# Ferhaal oer in trouwing en in smout ferhaal.....	13
# Utnûging foar it optreden fan Noordenbos en Ko	16
# It Keninklik Frysk Boun om Utens en Ta Neitins Hâns Dijk ...	17

*De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar **9 novimber 2023.***

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: Jan Bijkerk, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: Fetsje Meijer, til: 0320-226317, e-mail: fetsje.meijer@ziggo.nl

Kosten: It lidmaatskip is €25,- yn't jier / stipers €15,- yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: Jan en Sjoerdsje Bijkerk.

Kopij opstjoere nei: sekrite@janbijkerk.nl

Eareleden fan de krite: Albert Postma en Gerrit Kingma.

FAN DE FOARSITTER.

Bêste minsken,

Ik hoopje dat jimme sa folle mooglik sûn bleaun binne en kommend winterskoft wer genietsje kinne fan de kritegearkomsten. Wy as bestjoer sille wer probearje jimme in moai programma foar te lizzen.

Hawwe jimme in moaie fakânsjetiid hân? No, sa de measten wol witte, geane wy sa no en dan nei Austraalje ta, want ien fan ús dochters wennet dêr, flak boppe Brisbane, oan de oastkust. Sjoerdtsje en ik binne dit jier ek wer nei Austraalje west en komme/binne 4 oktober wer thús kommen. Fandêr dat ik dit foaropwurd al yn de ôfrûne simmer skreaun ha. Yn oare jierren gienen wy faaks sa rûn de Kryst, dan is it dêr heechsimmer, nei de bern ta. Mar wy woene graach noch ris in reis meitsje troch it noardwesten fan Austraalje en dêrnei lâns de westkust. Dêr wienen wy noch nea west. Troch it noardwesten, de Kimberleys hjit dit diel, moatte jo mei in 4WD (auto mei fjouwer tsjil-oandriuwing) ride, want jo moat troch rul sân en troch rivierbêden mei wetter ride. Yn 2017 soenen wy dizze reis ek al ris meitsje mar doe is Sjoerdtsje har broer ferstoarn en ha wy de reis annulearre moatten. Wy soenen doe mei in eigen 4WD-auto ride. Dat hawwe wy no net mear dien, want we wurde âlder en jo witte mar nea wat der ûnderweis barre kin, en dan steane jo dêr midden yn de wyldernis. Wy binne no 15 dagen mei in reisselskip gien yn in grutte soarte 4WD-bus mei in selskip fan sa'n 16 minsken. Op ferskate plakken fan de reis steane lukse tinten wêr't wy yn sliepe kinne.

Nei de reis yn de Kimberleys hawwe wy in auto yn Broome hierd, dat leit yn it noarden oan de westkust, en binne fia de



No, Reinder de Beer fan Hallum fearret alhiel op. "Kloppet", ropt Reinder. "Kloppet, no ik sil dy sizze", sa gie Reinder fierder, "we kamen midden yn de nacht op de fyts fan Ferwert wer op Hallum oan, Bauke en ik. Wy wienen noch fan dy jongfeinten en hiene yn Ferwert in feestje hân". Doe sei Bauke: "Ho, ris Reinder" .. en stapte ôf. "Moast ris goed harkje ik mien dat ik wat kreunen hear!" En ja hjer, ik hearde ek wat ... en doe ... hiel skriemerich help ... help! "Goddomme Reiner" sei Bauke "hjir moat ien yn de feart sitte". Mar it wie neare nacht, we seagen neat, mar hearden al wer wat kreunen. Dat Bauke yn de wal mei de sigaretoanstekker op it heechste opskroeve foar wat ljocht. En ja hear, op de oare kant hong wat heal yn de feart by de wâl op. Dat wy troch de daam nei de oare kant en knoffeljend oer de ierappelrêchjes derhinne. Doe't we der wienen, kreunde er wer: "help...help, jim moatte my helpe". We seagen ek suver neat, mar Bauke pakte him by de kraach en ik him by de mouwe en earm. "Tagelyk skourre", sei Bauke, "ien ...twa .." en ik doch in wraam. Skour ik him de hiele earm fan de hûd, hie er in houten earm! Ik skrok sa ôfgrysliek dat ik keile yn ien kear dy earm in ein it ierappellân yn. Ik wie der be-roerd fan, stie der by te koarjen. En sa kamen der in pear plysjes op 'e fyts oan. Dy ha der doe fierder mei rêden.

Wetten

Wat hearre de wetten te wêzen?-

Handwizers oan 't paad, dy't, ienfâldich en sljucht,
De mjitte en natoere fan plicht en fan rjucht. -
Us oanwize en jouwe te lêzen.

Wat binne hjoeddeis soms de wetten?-

Dwaalljachten op 't paad, dy't, swietfierich en sêft,
De froede en onnoaz'le faak liede yn 'e grêft,
Of weifiere yn strûpen en netten.

Wat oft wol de wetten meast binne?-

Spinreagen, yn hernen, oeribele fyn.
De michjes betiizje en ferhingje 'er har yn;
Mar de holders - dy brekke 'er trochhinne.

Rein Baukes Windsma (1801-1862), Ut: Spiegel van de Friese Poëzie.

eins kommen". No, dan krigest in hiele diskussie oer it hoe en wat en it jier, mar it wie yn elk gefal sa om-ende-by 1965 hinne. Ik frege: "Wie hjir doe dat kaffee ek noch iepen, dêr't no Klaas de pomp hat?" "Jawis jong", sei Oane Banga, "in prachtich kroechje, wat ha wy der doe in wille hân". En by de hiele klup fan hingâlderen kaam in glimp op 'e kop. Oane gie fierder: "Hepie en Hepie hienen hjir harren grutte trochbraak. Witst noch wol Douwe?". En Douwe Dykstra knikte, lake en sei: "Seker wier, hast it noch noait sa sjoen".

Oane fertelde dat Smelle Bertus der doe yn siet as kastlein. "Der wie hjir yn Brantgum ek in dikke Bertus, dy woech oer de trijehûndert pûn en dizze Bertus kaam noch net op de helte, dus dat wie Smelle Bertus. Smelle Bertus hie in houten earm. Hy hie mei de earm yn de ierappelroaier fêst sitten en him sa ferspille. Doe rekke der boer ôf en waard kroechbaas hjir by ús yn Brantgum. Hy organisearre grutte eveneminten yn 't kroechje. Jonge, wat ha wy doe in protte artysten yn Brantgum hân. De kroech oan de kop oan ta fol folk. It waard lykwols wol syn ein, hy rekke fallyt en begûn sels te folle te drinken en dan giest der as kastlein oan, hear!

Mei syn dronken kont is hy doe ris op de brommer tusken Ferwert en Marrum yn de sleat rekke. De plysjes hawwe him doe dy nachts derút helle. Dy nacht hat er yn de sel sitten yn Ferwert. Dy hiest doe noch yn Ferwert ûnder it gemeentehûs, koe er syn roes útsliepe. De oare dei skille er my en sei: "Oane, moast my ophelje, ik sit yn de sel yn Ferwert en mei der wer út". No, dat ik nei Ferwert om him op te heljen. Hy miste trouwens syn houten earm en wist net wêr't dy bedarre wie. De oare deis kaam hy wer by my en sei: "Oane, ik kin myn earm nergens fine, we moatte nei dat plak wêr't ik yn de feart rekke bin. Wisto wêr't dat wie?" Dat wist er sels net ju, sa dronken. No, der wie al safolle oer praat dat ik wist dat it by dat stik mei Borgers fan Doaitzen Swierstra wêze moast. Dat wy derhinne. En no wolst it net leauwe, mar fynst er net syn earm dêr tusken de ierappelplanten!

In lyts wike letter, it wie in freed op de neimiddei, sit der in tal leden fan de 'Herensocietiteit' fan Hallum by my yn it Swetshok. It is de tredde freed yn novimber 2022. De jûn dy't útroppen is ta Fryske ferhalejûn. Rûnom yn Fryslân waarden dy jûns ferhalen ferteld en wy heakje der op yn. Yn't smûke skimerljocht fan âlde piteroaljelampen smikkelje wy lekker yn de rikke iel om, knap slokje der by. No ja, dan komme de ferhalen fansels. En ik doch it ferhaal fan Oane Bangma oer Smalle Bertus.

Nasjonale parken (Karijini NP en Kalbarri NP) en ferskate plakken oan de westkust, nei Perth riden. Dat wie sa'n 4000 km riden en dêr hawwe wy 19 dagen oer dien. Dit diel fan de reis oernachtten wy yn hotels en lodges. Nei in dei bykommen yn Perth binne wy dwers oer Austraalje nei Brisbane flein. Dêr ha wy wer in auto hierd en binne nei de bern, dy't by Mount Mee wenje in Ocean View, riden. Wy binne 2 wiken by de bern bleaun en fleagen / fleane dan begjin oktober wer werom nei Nederlân. Wy wienen mar 2 wiken by ús bern, want sy komme mei de Kryst oer nei Nederlân, dus dan sjogge wy harren al wer.

Sa fier mar efkes mei ús fakânsjeferhaal.

Foar de simmer hawwe wy as bestjoer jimme al oankundige hokker datums wy yn it kommand winterskoft de gearkomsten hawwe. Dêr hawwe wy no yn dit boekje in wat útwreidere ynfolling oan jûn: op 2 novimber op de middei yn de Krakeling (Atol Plaza), de jiergearkomste mei ferhalen en gedichten fan de leden, by genôch opjeftes foar de gearkomste (mear dan 20 opjeftes) potiten fan de Krakeling en dan komt in ferhalenfertelster: Baukje Siderius.

Op 23 novimber yn teäter Posa komt selskip Noordenbos en Ko mei harren programma 'Gjin C te heech'. Sy binne mei harren eardere programmas wol faker by ús west en dat wie altyd in hiel grut sukses. No, en dan rinne wy yn desimber al wer tsjin de Kryst oan mei de Krystmiddei, fersoarge troch ús leden fan it sjongkoar.

As ik nei it ledetal fan ús krite sjoch, dan giet dat de goeie kant út. Der binne ferskate âld-leden fan krite Hurderwyk nei ús oer kommen. Graach wol ik dizze leden fan herten wolkom hjitte en harren een tige noflike tiid tawinskje by de Sékrite.

Bêste minsken, ik wol it hjir mar wer by litte, ik sjoch jimme graach 2 novimber op de Jiergearkomste en fansels op 23 novimber yn teäter Posa by it optreden fan Noordenbos en Ko!

Oant sjen!! Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.

KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2024-2025

DATUM	WAT KOMT DER?
2 novimber 2024	15:00 oere yn De KRAKELING - Jiergearkomste mei ferhalenfertelster Baukje Siderius en by genôch opjefte (mear as 20) stampopotbuffet
23 novimber 2024	Kabaret Noordenbos & Ko mei 'Gjin C te heech'
21 desimber 2024	Krystmiddei troch it sjongkoar
11 jannewaris 2025	14:30 oere yn De KRAKELING Nijjiargearkomste mei
22 febrewaris 2025	14:30 oere yn POSA: Toaniel/kabaret/muzyk
12 april 2025	20:00 oere yn POSA: Toaniel/kabaret/muzyk

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei:
annie_evenhuis@hotmail.com, dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenij hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl. Yn't foar tige tank.
- Wy winksje de nije leden: Fam. Zandstra, mefr. A. Bijker, Fam. G Krottje en J. Krottje tige wolkom

Troudatums:

- Gijs en Anneke Noort, **26 augustus 40 jier** troud.
- Watze en Jannie Watzema, **7 septimber 50 jier** troud.
- Keimpe en Jantsje Meijer, **28 oktober 40 jier** troud.

Wy meie de adressen fan de pearen dy't harren troudei fiere, net yn it boekje sette, mar as jimme de jubilearende pearen in kaartsje stjoere wolle, as wat oars, dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

Wat is de kâns dat sa as hjir beskreaun, barre kin?

In man út Swifterbant dy't trije moanne lyn syn trouwing yn in keunstdongfabryk yn Noard-Brabân kwytrekke, hat him op in opmerklike manier wer weromkrigen. In boer yn Swifterbant, dy't keunstdong útriden hie, fûn de ring op syn hiem en die in oprop fia sosjale media.



Foto: Omrop Flevolân

Luuk Hagting ferlear syn ring yn desimber op syn wurk yn in keunstdongfabryk yn Breda. "Ik hie mei de hannen yn 'e keunstdong sitten, ik skodde se ôf en doe seach ik dat myn trouwing fuort wie", sei er tsjin Omrop Flevolân. Neffens Hagting moat syn sieraad doe yn 'e keunstdong fallen wêze. "Dy berch keunstdong is dêrnei yn grutte pûden troch hiel Nederlân ferspraat."

Hy gie derfan út dat er syn ring nea wer weromsjen soe, mar krige him úteinlik, nei in oprop op Facebook, werom. Boer en plakgenoat Jan de Vries seach sneon op syn hiem in ring lizzen, en frege op sosjale media fan wa't dy ring wie. Fia mienskiplike kunde kaam dy oprop by Hagting. De Vries tinkt dat it sieraad yn in masine hingjen bleaun is dy't er brûkte om keunstdong oer syn lân út te struien. Hy tinkt dat de ring by it skjinspuitsjen fan de masine op it hiem fallen is.

Hagting en De Vries wenje fjouwer kilometer byinoar wei, mar koene inoar oant de fynst net. Hagting is bliid dat er syn ring werom hat. "Tige bysûnder dat de trouwing hjir yn Swifterbant weromfûn wurdt!"

IN SMOUT FERHAAL.

Ferhaal fan Gjalt de Groot út de Doarpsbel fan Holwert.

It begûn mei in praatsje de sneintemiddeis op de 'hingâlderen-soos' yn doarpslân De Terpring te Brantgum. Ik frege: "Yn wat jierren is dit doarpslân hjir

Jieroersjoch 2023-2024 fan it Sjongkoar.



Sa, de fakânsjes sitte der hast wer op en elk is wer klear om te sjongen.

6 sept. 23: Wy sette wer útein mei it sjongen.

SIFERS SJONGKOAR					
Ynkkomsten			Utjeften		
	2022-2023	2023-2024		2022-2023	2023-2024
Saldo begjin sjongen	€ 2.247,77	€ 2.033,76	Diriginte en pianiste	€ 1.269,03	€ 1.376,63
Kontribúsje	€ 2.060,00	€ 1.750,00	Hier skoalle	€ 510,00	€ 480,00
Sékrite 1/2 krystpot/Nijier	€ 74,00	€ 216,10	Kosten bank	€ 106,32	€ 132,45
Jubileum Fbou	€ -	€ 150,00	Krystmiddei	€ 341,30	€ 287,53
Foarútbetelle kontribúsje	€ -	€ 125,00	Ferskate attinsjes	€ 121,36	€ 82,50
			Ferskaat	€ -	€ 93,56
			Reiskosten Swol	€ -	€ 225,00
			Saldo 30-06	€ 2.033,76	€ 1.597,19
Totaal	€ 4.381,77	€ 4.274,86	Totaal	€ 4.381,77	€ 4.274,86

13 sept. 23: In ekstra repetytsjejûn.

16 sept. 23: Nei Swol foar ûndersteuning fan it Sjongkoar dêr.

20 sept. 23: Gewoane sjongjûn.

7 okt. 23: Jiergearkomste fan de krite yn Atol Plaza (Krakeling).

5 okt. 23: Pier Kalsbeek ferstoarn, 86 jier âld. Hy miste nea in sjongjûn en wie de fêste bas fan it koar. Wy sille him tige misse en winskje Pytsje en famylje folle sterkte ta.

11 okt. 23: Kremaasje fan Pier Kalsbeek.

16 des. 23: Krystmiddei yn Posa mei in moai programma. It besikersoantal koe better!

20 jan 24: Nijjiersbesite yn Atol Plaza. It koar moast dêr ek sjonge.

17 apr. 24: Slútjûn mei in gesellige gearsit mei in hapke en in drankje. De foarsitter winsket elk in moaie fakânsje ta en oant sjen.

4 sept. 24: Dan begjinne wy wer te sjongen. Binne der noch minsken dy't graach sjonge wolle en kinne? Wy sjonge yn de skoalle 'De Windroos', Karveel 22 28 op woansdeis om 20 oere, ien kear yn de 2 wiken.

Jou jimme op by:

Wytske Fransen: 06-362 113 67;

Fanwegen sûnens is it skriuwerskip fan it sjongkoar oergien nei Anneke Noort.

Groetnis Fetsje.

Ferslach jiergearkomste 2022-2023.

Datum : 7 oktober 2023

Plak : De Krakeling

Oanwêzich : 18 minsken, ynkl. it bestjoer.

1. Iepening

De gearkomste wurdt om 15.00 oere iepene troch foarsitter Jan Bijkerk. Der is gjin potiten, der binne te min minsken dy't harren opjûn hawwe foar de gearkomste.

2. Meidielingen en Ynkommen stikken

2a. Meidielingen:

Der is berjocht fan behindering fan:

- Marijke van Dijk,
- Antje en Ulke de Boer,
- Watze en Jannie Watzema,
- Johannes en Wytske Fransen,
- Wiebe en Rennie Huizinga,
- Gerard de Vries

Wy hawwe op dit stuit noch 77 leden.

2 kriteleden binne by ús weifallen:

- Lieuwe Wiersma, ferstoarn op 24 febrewaris 2023
- Pier Kalsbeek, ferstoarn op 5 oktober 2023

De foarsitter freget der steande in momint oandacht foar.

Der wie ôfrûne jier 1 aksje dêr't wy oan dielnommen hawwe, dat wie de Rabo Club support. Dat hat € 127,25 opbrocht.

De besoargers fan de krantsjes wurde tige betanke foar it rûnbringen. Foar elk fan harren is der in presentsje.

2b. Ynkommen stikken: der binne gjin ynkomen stikken.

3. Ferslach jiergearkomste fan 1 oktober 2022

Yn it ferslach stiet by punt 2 2022 en dat moat wêze 2023. Mei dizze opmerking

- wurdt it ferslach goedkard. Mei tank oan de skriuwer.
4. **Jieroersjoch Sékrite 2022 – 2023**
Der binne gjin opmerkings en it ferslach wurdt goedkard.
5. **Ferslach fan de ponghâlder 2022-2023**
Der binne gjin fragen oer de sinteraasje fan de krite. De sifers fan 2022-2023 wurde goedkard.
6. **Ferslach en sifers fan it sjongkoar**
Der binne gjin fragen oer de sinteraasje. De sifers fan 2022-2023 wurde goedkard.
7. **Kaskontrôle**
Ebele van der Veen en Anneke Noort hawwe de boeken kontrolearre. De boeken binne yn oarder befûn. Dêrmei ferliene de leden de ponghâlder en dêrmei it bestjoer desjarzje en de ponghâlder wurdt betanke foar syn wurk, lykas de kaskomisjeleden.
8. **Beneamen fan nije rekkenopnimmers**
Ebele van der Veen is twa jier rekkenopnimmer west en is ôfgeand. Anneke Noort is it kommende jier de rekkenopnimmer. Der is gjin oanmelding op de gearkomste, de fraach komt noch yn it krantsje werom. Yntusken hat Anke Schiere har noch opjûn. In reserve is der noch net.
9. **Begrutting 2023/2024**
Toaniel en seal wurde hieltyd djoerder. It Anjerfûns giet no mei in app, dat leveret ús neat op. Troch minder leden hawwe wy ek minder ynkkomsten.
Der binne troch de ponghâlder 2 begruttingsen makke, 1 mei kontribúsjeferheging en tagongspris ferheging en 1 sûnder. It te koart is resp. € 500 en € 2.000 .
In oare opsje is it skrasse fan 1 jûn mei toaniel, of de entree ôfhinklik meitsje fan de kosten dy 't wy meitsje.
Der wurdt in stimming holden:
Stimming 1: it ledejild wurdt € 25, - yn stee fan € 15,00 de persoan en kin yn 2 kear betelle wurde. Elkenien stimt hjirmei yn.
Stimming 2: de yntree wurdt € 12,50 yn stee fan € 10,00. Der is dan gjin kofje en tee fan de krite. Elkenien is't dêrmei iens.
Utstel 3: eareleden betelje ek kontribúsje en entree. De oanwêzigen fine dit gjin goed útstel en it bestjoer lûkt it foarstel yn en de regels bliuwe sa 't it wie.

SIFERS WINTERSKOFT 2022-2023 oant 2023-2024 en begrutting WINTERSKOFT 2023-2024 oant 2024-2025									
Foarderig					Skulden				
Ynkkomsten					Utjeften				
					*				
					sifers	sifers	begrutting	begrutting	
					2022-2023	2023-2024	2023-2024	2024-2025	
Ledejild	€ 1.155,88	€ 1.910,88	€ 1.875,00	€ 2.000,00	€ 1.594,95	€ 1.492,50	€ 1.750,00	€ 1.600,00	Toaniel
Tagongsjild	€ 975,02	€ 1.396,79	€ 1.600,00	€ 1.500,00	€ 995,23	€ 1.425,46	€ 1.500,00	€ 1.200,00	Sealhier
Ferlittingsen	€ 563,00	€ 462,00	€ 600,00	€ 500,00	€ 249,85	€ 327,49	€ 250,00	€ 300,00	Prizen, blommen, ensfh.
Advertinsjes	€ 75,00	€ 120,00	€ 60,00	€ 65,00	€ 106,71	€ 0,00	€ 125,00	€ 0,00	Oranjekoeken ensfh.
Nijiersresepsje	€ 186,00	€ 165,00	€ 200,00	€ 180,00	€ 457,29	€ 61,25	€ 425,00	€ 80,00	Fertarringsen
Ferkeap bakkersguod	€ 0,00	€ 0,00	€ 0,00	€ 0,00	€ 60,00	€ 55,00	€ 55,00	€ 55,00	Bydrage FBOU
Rinte sparrekken	€ 10,38	€ 55,23	€ 25,00	€ 60,00	€ 24,11	€ 0,00	€ 50,00	€ 50,00	Reiskosten
Ferkeap boeken	€ 75,00	€ 100,00	€ 75,00	€ 75,00	€ 60,60	€ 126,80	€ 75,00	€ 130,00	Administraasjekosten
Jiervergadering	€ 375,00	€ 0,00	€ 400,00	€ 400,00	€ 79,20	€ 235,75	€ 75,00	€ 100,00	Jubilea en Kadobonnen
Rabo Clubactie	€ 185,98	€ 127,25	€ 185,00	€ 100,00	€ 163,90	€ 215,07	€ 175,00	€ 200,00	Kritekrantsjes
Ferskaat	€ 0,00	€ 0,00	€ 50,00	€ 50,00	€ 619,66	€ 698,91	€ 500,00	€ 500,00	Nijiersresepsje
					€ 483,00	€ 83,00	€ 250,00	€ 250,00	Kosten Jiergearkomste
					€ 0,00	€ 0,00	€ 0,00	€ 150,00	Kosten Krystmiddei
					€ 230,02	€ 253,25	€ 240,00	€ 265,00	Kosten Rabobank
					€ 117,95	€ 0,00	€ 100,00	€ 50,00	Ferskaat
Oer / tekoart	-€ 1.692,33	-€ 637,33	-€ 500,00	€ 0,00	€ 51,12	€ 0,00	€ 0,00	€ 0,00	Ledevergadering FBOU
Totaal	€ 5.293,59	€ 4.974,48	€ 5.570,00	€ 4.930,00	€ 5.293,59	€ 4.974,48	€ 5.570,00	€ 4.930,00	Totaal
Aktiva					Passiva				
Sparrekken op 30 juny	€ 3.500,00	€ 3.100,00			€ 4.090,19	€ 3.452,86			Klubfermogen
Betelrekken op 30 juny	€ 301,01	€ 72,75			€ 17,67	€ 14,04			Rabo M-06
Ledejild	€ 0,00	€ 25,00							
Rinte Rabo	€ 9,00	€ 27,65							
Yn kas op 30 juny	€ 297,85	€ 241,50							
Totaal per 30 juny	€ 4.107,86	€ 3.466,90			€ 4.107,86	€ 3.466,90			Totaal

De sifers fan 2023-2024 en de begrutting fan it takommend winterskoft 2024-2025. Wy hawwe yn de jiergearkomste fan 2023 ôfsprusen om € 500, = yn't jier oan tekoart ta te stean, sjoen nei it fermogen fan de krite

tige yn oarder. Jantsje Meijer, Yvonne Nederpel en Jan Koopman wienen ôfgeand. Jantsje, Yvonne en Jan stelden harren wer beskikber en der wienen gjin tsjinkandidaten. Jantsje, Yvonne en Jan binne troch de gearkomste wer foar 3 jier keazen.

Kritejûnen/ middei.

18 novimber. Mei Adri de Boer. Der wienen 26 minsken. Adri de Boer is in Fryske troebadoer. Hy song eigen ferskes en hie ek in pear út syn nije programma: 'Adri sjongt Stef Bos'.

Krystmiddei op 16 desimber. Moaie middei mei 49 minsken.

Op 13 jannewaris nijjiersbesite mei sprekker Bert van Geel út Dronryp oer de natuer om 'e hûs hinne. De wiene 37 minsken.

Op 17 febrewaris kritemiddei mei Ankie en Nanne. Ankie van der Meer en Nanne Kalma spylje al hiel wat jierren tegearre. Dizze middei hawwe se it Frysk programma brocht. It oantal besikers wie 34.

Op 23 maart in kritejûn mei Theatergroep Fjoer, mei it stik "Alles went.....?". Oantal besikers wie 40.

Dielgearkomste diel Midslân

Gie dit jier net troch om't der in 2023 by oare kriten noch net sa folle spile waard.

8 maart Krite Hurderwyk.

Hjirhinne binne njonken in tal bestjoersleden ek inkelde leden west. De krite bestie 45 jier, mar is op 9 april 2024 opholden mei berstein. Dit kaam troch dat der gjin bestjoersleden te finen wienen. Tige spitich. Wy probearje noch wat âld-leden fan Hurderwyk by ús krite te krijen..

15 maart, Krite Swol 125-jierrich bestean.

Fan it bestjoer hawwe hjir Jan Bijkerk en Luit Dijk hinne west. It wie in moaie middei mei optredens fan it sjongkoar fan Swol en fan Gurbe Douwstra.

16 maart Jiergearkomste Keninklik Frysk Boun om Utens en Moetings– en Ynspiraasjemiddei en 100-jierrich bestean fan de krite út Meppel

De AG en de MYM wienen yn Nijeveen (krite Waling Dijkstra fan Meppel). Dizze krite hie 100 jier bestien en sy hienen Piter Wilkens frege om op te treden. Op de Moetings - en Ynspiraasjemiddei wienen as sprekkers, em. prof. Goffe Jensma, skriuwer Abe de Vries en de oerpakesizzer fan Waling Dijkstra, ek mei de namme fan Waling Dijkstra. It wie in moaie dei dêr yn Nijeveen.

Luit Dijk.

Utstel 4: De útstellen geane daliks yn, sadat der in goede begrutting leit, mei in ynskatten tekoart fan € 500, --. Stimmen foar: 16 en stimmen tsjin: 2. Hjirmy wurdt dit útsel oannommen.

10. Bestjoersferkiezing.

Dit jier binne Jantsje Meijer, Yvonne Nederpel en Jan Koopman ôfgeand. Der binne troch de leden gjin (tsjin-)kandidaten binnen kaam. It útsel is om Jantsje, Yvonne en Jan opnij te beneamen foar 3 jier. Troch hântsjeclap wurdt dit stipe troch de oanwêzigen.

11. Programma foar it kommende winterskoft.

18 novimber 2023	- Adri de Boer;
16 desimber 2023	- Krystmiddei mei/troch it sjongkoar;
13 jannewaris 2024	- Nijjiersbesite de Krakeling;
17 febrewaris 2024	- Ankie en Nanne;
6 april 2024	- toaniel;

12. Omfraach.

Albert Postma freget hoefolle jild de krystmiddei kostet.

Antwurd: De kosten binne sa'n € 300,00. De kosten en opbringsten wurde ferdield tusken krite en koar.

13. Slút

Om 15.55 oere slút Jan Bijkerk de gearkomste

Luit Dijk, skriuwer.

Jieroersjoch Sékrite 2023-2024

Bestjoer

It bestjoer is dit jier 5 kear byinoar west. Fierders ûnderhâlde wy as bestjoer kontakten mei it Diel Midslân en it Keninklik Frysk Boun om Utens.

Jiergearkomste op 7 oktober 2023

Dit jier is de jiergearkomste wer op de middei. De iepening fan de gearkomste wie om 15.00 oere en der wie gjin potiten dizze kear. Der wienen 18 leden, wermei wy alle wichtige saken oangeande ús Krite efkes trochnommen hawwe. Der waard fansels ek stilstien by it ferstjerren fan ús kriteleden Lieuwe Wiersma en Pier Kalsbeek.

It jieroersjoch fan de skriuwer en de sinteraasje fan ús ponghâlder wienen allegear

**It bestjoer fan de Sékrite nûget harren leden út foar It
bywenjen fan de **JIERGEARKOMSTE**
op sneon 2 novimber 2024 om 15:00 oere
yn de Krakeling, Atol Plaza, Schor 15 yn Lelystêd.
Nei de jiergearkomste komt Baukje Siderius mei ferhalen
Kosten fan de hiele middei, ynkl. potiten, binne € 13,00**

Dit jier sil de jiergearkomste wer mei iten en foardrachten oanklaaid wurde. It bestjoer fynt dat de jiergearkomste, nêst de saaklike kant, ek in gesellige kant hawwe moat. Jimme kinne dan genietsje fan in, troch de Krakeling fersoarge potiten. En inkelde fan ús leden dogge stikjes tusken de ferskate ûnderdielen troch: gedichtsjes, ferhaaltsjes as foardrachten. Fierder sil Baukje Siderius ús fermeitsje mei har ferhalen.

Om te witten op hoefolle minsken de Krakeling rekkenje kin mei it iten, wolle wy graach foar 20 oktober o.s. fan jimme witte hokker leden der op de gearkomste komme. Sjoch hjir nêst foar de opjefte.

17.00 oere: buffet mei Potiten en tuskentroch, ek yn it skoft nei de jiergearkomste, nimme wy de tiid foar ferdivedaasje: ferhaaltsjes, gedichtsjes en foardrachten fan ús eigen leden.



Wurklist :

1. Iepening (15:00 oere)
2. Meidielingen.
3. Ynkomen stikken.
4. Ferslach jiergearkomste 7 oktober 2023 (side 5 oant en mei 7).
5. Jieroersjoch Sékrite 2023-2024 fan de skriuwer (siden 7 en 8)
6. Ferslach / sifers fan de ponghâlder oer 2023-2024 (side 11).
7. Ferslach en sifers fan it sjongkoar (side 12).
8. Kaskontrôle.
9. Beneamen nije rekkenopnimers.
10. Begrutting 2024 - 2025 (side 11).
11. Bestjoersferkiezing: Luit Dijk is ôfgeand. Hy stelt him wer foar trije jier beskikber. Komme der foar 15 oktober gjin tsjinkandidaten by de skriuwer Luit Dijk, dan docht it bestjoer it útstel om Luit wer yn it bestjoer op te nimmen.
12. Programma foar it oankommende winterskoft (side 4).
13. Omfraach.
14. Sluting

Fierder sil om 16:00 oere Baukje Siderius ferhalen fertelle.

TINK DEROM! OPJAAN FOAR 20 OKTOBER 2024!!

Foar de leden dy't harren noch net opjûn ha, om mei te dwaan oan it potiten as in ferhaaltsje, gedichtsje as foardracht dwaan wolle, opjaan fia de e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl of troch in telefoantsje nei Luit Dijk : **0320 - 412444 / 06 546 522 93**. Yn't foar tige tank.